

net bekend oft dy út de East- of Noardsee komt. De Hilgelanner elites soenen yn elts gefal in rol spile kinnen hawwe yn it Europeeske hannelsnetwurk fan 'e brúnstiid. Oft it koper, ommers mei tin it bestândiel fan brûns, derby harren wichtichste boarne fan rykdom west hat, is mooglik, ja sels wierskynlik, mar wy witte it foarearst net. It wie maklik te finen, maklik te bewurkjen, en der binne gjin oare fynplakken fan sokke koperertsen yn 'e omjouwing.

5.4 Antike skriftlike boarnen

Iere skriftlike boarnen binne net krekt en spesifyk. De earste 'hurde' histoaryske melding fan Hilgelân is der pas yn 'e iere midsieuwen. Mar guon antike sitaten binne lykwols tige nijsgierich en fertsjinje it om wat útwreidiger te beskriuwen. Fûnamenteel probleem yn de âldste skreaune boarnen dy't mooglik op Hilgelân slagge is dat in ferskaat oan nammen yn in ferskaat oan talen en dat yn in ferskaat oan tiidrekken jûn weze kin oan it eilân en syn omjouwing.

De referinsje nei Hilgelân troch Grykse en Romeinske skriuwers binne ta in hichte spekulatyf en wittenskiplik striidpunt. Der sil dan ek ûnsekerhyd bliuwe oft in beskate passazje út in beskate boarne wol of net slacht op it eilân Hilgelân. Mar wy kinne faaks ynformaasjelementen der út raffinnearje. Bygelyks: wie der geografysk witten oer it Noardseegebiet en Hilgelân by de âlde Griken en Romeinen? Wat wie de kulturele en ekonomieske betsjutting fan it eilân en syn omjouwing? Hokker folken bewennen doe de omkriten en wat wienen harren brûken en leauwen? Spile Hilgelân in mooglike rol? Sa kinne wy mei de stofkaam op 'e nij troch de noch bekende âlde geskriften strûne. It aardige is dat it sammelpaatsje dan dochs in byld jout dat past yn it witten dat wy fan argeology en geology al opdien hienen.

Wy moatte wol wach weze foar optochte ferhalen en 'romantyske' ynterpretaasjes út de moderne tiid. De analyse dy't hjir sketst wurdt is foar in part basearre op dy fan Grahn-Hoek (Roter Flint, Heiliges Land, Helgoland. Zwischen Vorgeschichte und Mittelalter. Heike Grahn-Hoek, Wachholtz Verlag, Neumünster, 2009). Hja is promoveard skiedkundige en latiniste en hat in part fan har jeugd op Hilgelân trochbrocht. Wy sille hjir lykwols net meigean yn har wat al te spekulative ferbannen en hawwe besocht boarnteksten safolle mooglik krekt te sitearjen. De orzjinielen stienne yn Haadstik 13 foar dyjinge dy't harren sels oan it gryks en latyn weagje wolle. Sa hat eltsenien de kâns sels de betsjutting fan dizze nijsgjirrige âlde teksten te hifkjen, want ferskate oersettings kinne gâns fan inoar ferskille en dan ek de ynterpretaasje beynfloedzje.

5.4.1 - Homerus

De âldste yn it ramt fan Hilgelân nijsgjirrige tekst is in sitaat fan Homerus, 8e ieu f. Kr., dêr't Odysseus yn de wylde see telâne komt en heechneadich rêden wurde moat (Odyssee 5, rigels 451-453, orzjiniel yn Haadstik 13.2):

'Sa spruts er, en de god kearde fuortendaliks de stream en kalmearre de golven en foar him waard it wetter flak en sa brocht er him nei de mûning fan de rivier.'

Hy hat it, as part fan in fantasybyld fan in ferkearde wrâld, feitlik oer in streamopwearts streamende rivier. Dat hoecht net sa fantastysk te wêzen as it liket. It soe betsjutte kinne dat er, bewust of onbewust, in boarne brûkt hat mei witten oer de wurking fan de getiden fan rivieren yn it ûndjippe waadgebiet, lykas Elbe, Weser, Flie, Ryn, Maas ensfh. Wat fierderop liket Homerus ynspirearre te wêzen troch de grize lange noardlike winternachten op de grins fan de 'Oseaan' (Odyssee 11, rigels 13-19, orzjiniel yn Haadstik 13.2):

'Wy berikken de grins fan de djippe oseaan. Dêr is it lân en de stêd fan de Kimmeriërs, wei yn in wolk fan mist; want nea berikket harren de strielende sinne, net as dy opgiet nei de himmel ryk oan stjerren, net as dy wer ûndergiet nei de ierde. In neare tsjusternis omwuollet dy ellindige stjerlingen.'

De Kimmeriërs binne in mythysk folk dat fan oarsprong boppe de Donau wenne hawwe soe mar der letter ferdreaun wêze soe. Ek hjir is de wittenskip net út 'e rie. It bliuwt spekulasje, mar faaks hat in elemintsje fan echte geografysk witten fan it noarden it ferneamde ferhaal fan de Odyssee helle en wie der yn it iere Grikelân in witten fan noardlike streken, mooglik ynspirearre troch ferhalen fan hannelsreizgers. Skriftlik bewiis foar de hannelskontakten mei it noardwesten fan Europa is Homerus lykwols net, mar it ferhaal past wol yn it ramt fan de argeologyske kontekst.

5.4.2 - Pytheas fan Massilia

In antike tekst dy't mooglik konkreet op Hilgelân slagt is fan Pytheas van Massilia (380 – 310 f. Kr.). Massilia, it hjoeddeiske Marseille, wie yn de antike foar-Romeinske tiid in Grykse koloanje. Pytheas hat in reisferslach skreaun fan in reis nei de Noardsee en syn omkriten. Spitigernôch is it orzjiniel ferlern gong, mar yn de natuerskiednis fan Plinius de Aldere (23 – 79 nei Kristus) wurde meardere kearen parten fan it reisferslach sitearre. Wat wy hjoed noch lêze kinne,

binne dus yn it Latyn oersetse fragminten dy't Plinius hjir en dêr yn syn wurk opnommen hat. It neifolgjende sitaat is it nijsgjirrichst en wurdt faak yn ferbân brocht mei Hilgelân (Plinius, Nat. Hist. boek 37, 35.36.42, orzjiniel yn Haadstik 13.2):

'Sotacus leaut dat [barnstien] yn Brittanië út rotsen streamt dy't Electriden hjitte, Pytheas [leauwde] [Barnstien ûnstiet by] de Guionen, in Germaansk folk dat yn in gebiet fan 6000 stadiën wennet yn in delte by de oseaan, mei de namme Metuonis. In deireis fan dêr leit it eilân Abalus. Yn it foarjier litte de weagen stjurre ôfskiedings fan 'e see oanspiele. De ynwenners brûke it ynstee fan hout as brânje en ferkeapje it oan de oanbuorjende Teutoanen. Timaeus fertelt it selde ferhaal, mar neamt it eilân Basileia.'

It sitaat sille wy no fierder útplúzje. Plinius syn boek 37 giet oer de oarsprong fan mineralen. It sitaat is út it diel oer de oarsprong fan barnstien. It is part fan in lange opsomming fan, neffens Plinius, fantastyske ferhalen oer it ûntstien fan barnstien, dy't neffens him net betrouber binne. Dat yn tsjinstelling ta syn eigen 'wittenskiplike' beskriuwing dy't letter yn it stik jûn wurdt. Plinius wist doe al dat barnstien oerâlde stikjes stjurre beamhars binne. Sa op it each draacht it plak fan it sitaat yn it gehiel fan Plinius syn wurk dus no net krekt by oan de betrouberens en leauweardigens fan Pytheas as geografyske boarne.

Mar as wy mei hjoeddeiske kennis alle noch oerlevere sitaten fan Pytheas as gehiel beskôgje, wat wy yn dit boek lykwols net dwaan sille, liket alles wat noch fan oare parten fan syn reis bekend is, krekt oerien te kommen mei de geografie. De measte hjoeddeiske wittenskippers geane der dan ek fan út dat Pytheas syn reis echt wie en dat hy in foar dy tiid goed ferslach fan syn reis skreaun hat. Derneist ferfalt Plinius al gau ta it besprekken fan âlde Grykse boarnen mei in soarte fan 'dedain'. Grykse skriuwers wienen út in tiidrek fan 'earstiids' en fol fan fantastyske optochte ferhalen, dêr't Romeinske skriuwers harren graach as modern, systematysk en wittenskiplik tsjinoer setten. It begjin fan it sitaat, oer de dúdlik mythske en optochte Electriden yn Brittanië, is in moai foarbyld fan it soarte fan sitaten dêr't Plinius him graach tsjinoer set as systematysk geograaf. It is oan Plinius syn krektens en folsleinens om al dizze sitaten dochs oan te heljen te tankjen dat it nijsgjirrige sitaat fan Pytheas dochs noch oerlevere is. Wy kinne foarearst oannimme dat wat noch oerlevere is fan Pytheas syn beskriuwingen op in echte reis of echte reizen basearre west hat.

Pytheas syn wenstee wie Masillia, it hjoeddeiske Marseille. It is, sjoen de ôfstân, best mooglik dat der yn it doedestiidse Marseille in beskaat witten bestie oer de Noardseekusten. Dizze stêd, in wichtich hannelsintrum yn de âlde Grykse wrâld, soe in natuerlik fertrekplak wêze kinne foar in ûndekkings- of hannelsreis nei it noarden, lykas dy fan Pytheas.

In stadië is in antike lingtemaat, dy't yn de Grykse en Romeinske tiid brûkt waard, en gelyk is oan 192 meter (by de Griken) of 185 meter (by de Romeinen). 6000 stadiën binne dan ek likernôch 1150 kilometers. Dat is net fier ôf fan de totale lingte fan de Noardweslike waadkust. It liket dan ek mooglik dat it bestean fan it gebiet dat no it Nederlânske, Dútske en Deenske waad beslacht, bekend wêze kinnen hat by de Griken fan Marseille. Dat is net sa núver. Reizgjen gong doedestiids de rivieren of kust bylâns. Fan Marseille út binne de routes by de rivieren lâns it meast logysk. Ienris it streamgebiet fan de Middellânse see foarby, einige de rivieren fan midden en west Europa ommers allegearre yn it Noardseegebiet (Maas, Ryn, Elbe). Harren mûning leit ek net sa ferskuorrende fier fan Marseille. Dat der yndie doe (hannels)kontakten wienen tusken de Noardseekust en de Griken bewize fynsten fan Grykse munten út de 4e en 3e iuw foar Kristus yn Hamburch, Husum, Flensburch en Amt Haderslev. Ut de argeology witte wy dat der al folle earder, yn 'e brúnstiid, hannelsútwisseling wie tusken de Noardseekusten, Mykeenske kultuer en Wessex kultuur yn Ingelân. Dat hannelskontakten oer ferlykbere ôfstannen folle letter, yn de 4e en 3e ieu foar Kristus, ek bestien hawwe, is oannimlik.

Mei de doedestiidse skipfeart sil in reiske fanôf de kust nei Hilgelân yndie in dei koste hawwe. Ut de geology witte wy dat op 'e hiele Noardsee der doe lyk as no gjin oare eilannen op in dei geans fan it fêstelân wienen. It grutte mannichte waadeilannen, sa't wy dy no kenne, komme net yn oanmerking. Dy wienen fan de kust wei mei in fean- of waadgebiet ferbûn oan it fêstelân. Iennichste oare mooglikheid is dat it eilân dêr't Pytheas op tsjut yn 'e Eastsee leit. Ek dêr is in oerfloed oan barnstien en guon eilannen. Dat is fansels mooglik, mar mei dy ynterpretaasje binne eins mear swierrichheden: Is dat ommers net minder wierskynlik mei de gruttere ôfstân nei Marseille? En is der eins wol in eilân yn de Eastsee dat in ferlykbere rykdom oan barnstien hat en krekt in dei geans fan it fêstelân leit?

De namme Abalus, dy't brûkt is troch Pytheas, kin yn ferbân brocht wurde mei mytholoagyske en religjeuze foarstellings. Avallonia en Insula Pomorum (Apel eilân), wienen in paradyslik plak mei in Apelbeam, te ferlykjen mei it bekende bibelske ferhaal út Genesis. Apollodor lokalissearret dizze by de Hyperboreër, oan de Noardlike râne fan de bekende wrâld.

Yn de Keltyske mythology wie Avalon it lân fan de silligen. Abalus soe de Germaankse ekwivalint wêze kinne. Ekwivalinsje tusken de goaden fan Griken, Romeinen, Kelten en Germanen is net ûnbekend. Bygelyks wurde de Grykse Herakles/Hercules gelykset oan de Germaanske Donar/Thor. Yn it sitaat fan Pytheas binne dus mooglik besteande kenniseleminten mjukse mei mytholoagyske bylden.

It driuwen fan barnstien bart ek hjoed-te-dei noch mei hjerst en maitiidsstoarmen, mar net yn sokke mannichten as by de Eastsee. Dat is in probleem, mar ek wer net. Noch yn 'e 19e ieu wie der ommers hannel yn Noardseebarnstien yn Ditmarschen, deunby Hilgelân. No wurdt der noch barnstien fûn yn benammen St. Peter Ording. In probleem is ek dat sawat alle yn Europa by argelogske fynsten oantroffen barnstien automatysk tawiisd wurdt oan it Eastseegebiet, om't it dêr it ferneamdste is en yn de grutste mannichten foarkomt. Mar technysk is Noard- en Eastsee barnstien net te ûnderskieden. Hoefolle barnstien ea fûn is yn it Noardseegebiet en op Hilgelân yn it bysûnder witte wy net. Wy moatte net ferjitte dat it eilân doe, mear as twatûzen jier lyn, folle kearen grutter west hat as hjoed en mooglik dermei ek riker oan goeie fynstplakken.

It brûken fan barnstien as brânje liket net botte oannimlik, mar is teoretysk mooglik. It is fansels net om 'e nocht taalkundich neamd nei it âld-germaanske en geef-fryske wurd 'baarne'. Oft it wênstich wie om it te baarnen, insidentiel wie, of allinne mar neamd wurdt omt it ferbjusterjend is dat stiennen baarne wolle, sille wy nea witte. Faaks wie it in poarsje poëtyske kleur fan reissjoernalist Pytheas. Ek is it mooglik troch Plinius mei opsetsin yn syn oersetting fanút it Gryks wat fantastysk delset. Mar it feit stiet net op himsels. Plinius hat it earne oars yn syn boek ek al oer it brûken fan barnstienôffal as lampepitsjes (Plin. Nat. Hist. 37, 47). Tacitus neamt yn syn beskriuwingen fan de Aesti (ynwenners fan Estlân) oan de easlike râne fan de Eastsee, ek it brûken fan barnstien as brânje (Germ. 45). Barnstien wurdt dêr ek hjoed noch in protte fûn. Hy skriuwt dat de lokale ynwenners barnstien net achtten as weardefol:

'Foar harren it (barnstien) is folslein sûnder wearde: hja sammelje it yn smoarge steat, bringe it nei ús (Romeinen) yn foarmeleaze stikken en binne ferbjustere oer de prizen dy't hja krije.'

En oer it baarnen fan barnstien:

'As men de gearstalling fan barnstien besiket mei it yn 'e brân stekken, baarnt it lykas dinnehout en ferspraat in rike en geurige flam; it wurd gau sêft yn soksawat lykas pik of hars.'

Wy moatte der ek rekken mei hâlde dat der oersettingen fan Plinius binne, dy't sprekke fan it oanspielen fan barnstien tegearre mei allegearre soarten fan gêrs (Romualdas Budrys, Review of the literature on amber). Dizze ynterpretaasje komt goed oerien mei de praktyk dat barnstien faak oanspield tusken allegearre soarten fan driuwend organysk matriaal, dat nei droegjen best as brânje brûkt wêze kind hat. Gearfetsjend is it oannimlik dat it sitaat fan Pytheas oer de barnstien en it oanspielen fan brânje (al of net mei barnstien) wierskynlik op doe besteande kennis basearre west kinnen hat.

Soenen de Hilgelanners foar de hannel barnstien sykje, dan lei yndie ferkeap oan de neibuorjende Teutoanen yn it hjoeddeiske Sleeswyk, Súd-Jutlân en it Eidergebied foar de hân. Dizze omkriten stienen al folle langer yn ferbining mei súdeastlike en westlike hannelsrûtes, sa't wy dy ek al út de brúnstiid kenne. Der is gjin reden om oan te nimmen dat sokke hannelsrûtes nei de brúnstiid net mear bestean soenen. De argeology lit ommers sjen dat fan it gebiet fan de Teutoanen heechweardich hannelsguod trochferhannelle waard. Hannel oer see wie doedestiids al ieuwen mooglik. It is dan ek oannimlik dat Hilgelân in part wie fan de barnstienhannel út dy tiid.

Nei gedachten wienen de antiken lykwols net goed bekend mei de folsleine geography fan Noardsee en Eastsee. Men wist net fan Jutlân as skieding tusken Noard- en Eastsee en de kusten rekkenen se ta oan de "Oceanus". Skreaune boarnen wize der lykwols op dat de Noardsee fan dy beiden earder bekend wie. Plinius koe de Eastsee as binnensee al wol. Al mei al kinne wy sizze dat der fanút de hjoeddeiske kennis logyske eleminten sitte yn it sitaat fan Pytheas en dat it mooglik, ja sels oanimlik, is, dat Abalus tsjut op Hilgelân. Mar bewiis is it dermei noch net.

Timaeus is de Latynske skriuwwize fan Timaios fan Tauromenion, in oare Grykse skriuwer dy't krek wat letter libbe as Pytheas en op Sisylje libbe (345 – 250 f. Kr). Ek syn wurk is allinne fragmentarysk bekend út Latynske sitaten. Syn wurk is wierskynlik basearre op Pytheas. Hy hat it nei gedachten foar in part oerskreaun. Nijsgjirrich is lykwols de namme Basileia, dy't er ynstee fan Abalus brûkt foar it eilân. It betsjut soksawat as "keninklyk eilân". Keninklyk slacht dan op in hearsker fan godlike ôfstamming. Basileia is ek de namme fan it keningspaleis út de Atlantisleginde fan Plato, dy't libbe yn Athene (428 – 348 f. Kr). Dat lêste is fansels in tankbere boarne fan spekulaaasje foar romantyske fantasten dy't yn Hilgelân in partsje fan it fersonken Atlantis sjogge, mar Timaios is in sekundêre boarne en dermei folle minder oannimlik as Pytheas.

5.4.3 - Plinius en Glaesaria

Plinius sels lokalisearret in eilân mei de namme Glaesaria yn 'e Noardsee, gearhingjend mei in floatoperaasje fan Germanicus yn 15, 16 nei Kristus dy't wy hjir letter noch beskriuwe. Dizze namme soe oan in barnstieneilân jûn wêze troch eigen Romeinske soldaten. De 'barbaarske' of ynheemske namme soe Austeravia wêze. (Plin. Nat. Hist. 37, 42 vgl. 4,97; Tac. Ann 2, 23.24). Glaesaria betsjut barnstieneilân en is ôflaat fan it Westgermaanske Glasa dat barnstien betsjut. It is itselde wurd as ús 'glês'. Dat it barnstien en it barnstieneilân in Westgermaanske namme kriget fan Plinius is nijsgjirrich. Ommers, dizze Westgermaanske stammen libben doe by de Elbe, Weser, en Ryn. Dat betsjut mooglik dat barnstien út dy omkriten weikaam. Mar der binne gjin oanwizings dat Glaesaria spesifyk op Hilgelân tsjut. It kin likegoed in oar (waad)eilân west hawwe. Plinius leit sels gjin ferbân tusken Glaesaria en it Abalus fan Pytheas dat er sitearret. Tacitus beskriuwt spesifyk de Aesti (Esten) yn de easlike Eastsee en dat dy barnstien 'glesum' neame. Hjir bliuwt dan ek unwissigens oer de krekte ydentifikaasje fan 'Glaesaria'.

5.4.4 - Apollonios fan Rhodos

Eltsenien sil it der oer iens wêze dat it ferneamde ferhaal fan 'e argonauten, optekene troch Apollonios fan Rhodos yn 300 foar Kristus, in optochte mythe is. Dochs binne ek út dit ferhaal in pear nijsgjirrige ynformaasjeleminten te heljen, dy't tsjutte op in beskaat witten oer it Noarden en faaks it eilân Hilgelân. Sa lêze wy, nei't de argonauten skipbreuk laat hawwe (Argonautika, 4, 504 ff, 300 f. Kr.):

'Fluch beklommen se it skip en roeiden sûnder pauze, oan't se by it hillige eilân Elektris kamen, dat heger fan 'e kime opriiist as de oare [eilannen] en tichtby de rivier Eridanus leit.'

Elektris tsjut op in rotsêftich barnstieneilân (Argonautica 4, 578 ff). It stikje soe op de tekst fan Pytheas ynspireard wêze kinne. Dan soe Elektris faaks te ydentifisearjen weze as Hilgelân. De rivier Eridanus streamde neffens Hekataios fan Abdera (likernôch 300 f. Kr.) oan 'e râne fan 'e ierde yn de noardlike oseaan. Hesiod (700 f. Kr) lei al in relaasje fan de Eridanos mei de sage fan it ûntstean fan barnstien.

Soe it wêze kinne dat de Eridanos hjir tsjutte kin op 'e Elbe? Dat liket wierskynliker as in twadde mooglikheid, de Vistula, de belangrykste boarne fan barnstien yn de Eastsee. Yn it mûningsgebiet fan de Vistula is ek gjin eilân dat liket op de antike beskriuwingen. Mar wy witte it net en it ferhaal is een mythe. Mar it is wis mooglik dat de skriuwer fan it ferhaal

doedestiids beskikbere kennis oer de Noardlike râne fan de bekende wrâld ta in hichte yn syn ferhaal weefd hat.

Mar wêrom is it witten oer it Noarden, sa't it liket, mei de tiid mear en mear ferdwûn út de Grykse literatuer? It wrâldbyld fan de Griken is mei de tiid ferskowd. Hie in auteur lykas Hekataios (+/- 300 f. Kr) noch kunde oer it noarden, is dizze kunde mooglik letter ferlern gong of ferfong troch in oar wrâldbyld (Eratosthenes, +/- 275 – 194 f. Kr). De grûn fan dizze ferskowing hat mooglik te krijen mei wizigjende ynfloedsfearen of hannelsrûtes dy't trochsien waarden. De Grykse kennis oer it Noarden is dan ek allinne noch fragmintarysk oerlevere yn de ús no noch bekende en âldere tekstfragminten.

5.4.5 - Plato syn Atlantis

It troch de see ferlerne Atlantis is in optinksel fan Plato dat oant de dei fan hjoed gâns minsken betsjocht. Der waard en wurdt hiel wat ôfsocht om it ferlerne Atlantis werom te finen, fansels fergees. Want Plato brûkte syn ferhaal om syn tiidgenoaten in spiegel foar te hâlden. Fansels binne der ek ferhalen dat Hilgelân it lêste wêze soe dat oer is fan Atlantis. It binne mearkes dy't meast yn de njoggentjinde iuw optocht binne. Dat soe oars net sa slim wêze, ast se net yn de Nazi-tiid misbrûkt binne as propaganda om de 'Aryske oarsprong' en de 'superioriteit fan it Germaanske ras' te 'bewizen'. Fan dizze ynterpretaasjes, troch de pseudo-wittenskipper en dûmnee Spanuth it meast ferspraat, sille wy ús dan ek fier hâlde. Wy hawwe lykwols sjoen dat guon antike ferhalen wol deeglik ynformaasje-elementen ynhâlde dy't tsjutte kinne op in beskaat witten yn de antike wrâld fan de Noardseekusten en mooglik fan Hilgelân. Dat is ek sa mei it Atlantis ferhaal fan Plato.

Plato hat it yn syn ferneamde Atlantis ferhaal oer in

'drekkige omjouwing fan Atlantis, dy't net te befarren en te ferkennen wie'

Sa'n omskriuwing is yn 'e kern gelyk oan ús bekende antike omskriuwingen fan it waad (Timaios 25d, Critias 108e). Plato libbe in pear desennia foar Pytheas, dus omtrint yn itselde tiidrek. Mei ús geologysk witten fan Hilgelân wurdt it grizelich krekt wat fierderop yn it ferhaal (Critias 116a):

'Dy stiennen lykwols, dy't foar in part wyt, in part swart en in part read wienen, brutsen se ûnder ôf fan de oerhingen fan 'e [rotsen] om it eilân hinne.'

Yn dy tiid wie it Wite klif noch grut, en siet fol mei de bekende en unike Hilgelanner wyt-swart-reade fjoerstien, dêr't

Plato in ferbjusterjend krekte omskriuwing fan jout. Grutte stikke fjoerstien, wyt en swart dan wol mear as it seldsumere read, lizze ek hjoed noch yn grutte mannichten op it noardeastlike strân fan Hilgelân en Dûne (sjoch H 4.3). Yn de antike tiid sieten der lykwols gruttere mannichten yn it wite klif, dat doe noch as rotsformaasje bestie en in aardich grutte omfang hawn hawwe moat. Foar in geologysk ferlik oan de mooglike rykdom oan fjoerstien yn it wite klif hoegt men allinne mar te sjen nei de Maastrichter St. Pietersberch, dy't no noch groatfol fjoerstien sit.

Nijsgjirrich yn it wurk fan Plato is fierder dat it eilân der't Hercules de trijekoppige reus Geryoneus deade Erytheia hjitte, ofwol 'Readlân'. Ek dreau er dêr in keppel kei. Letter sille wy hillige kei noch tsjinkomme yn de Nerthus kultus, beskreaun troch Tacitus, en it midsieuske ferhaal fan de hillige Alcuin. Wy moatte Plato syn ferhalen fral net letterlik nimme, mar it is mooglik dat echte reisferslagen fan tiidgenoaten dy't Hilgelân en syn omjouwing koenen, in part west hawwe fan de ynspiraasje fan Plato. Sa raar is dat idee net. Fine wy ek hjoed-de-dei net stikjes wiere geografyske omskriuwingen, wol of net ferdraaid, yn fierder folslein optochte literêre romans?

5.4.6 - Tacitus

Tacitus, in ferneamde Romeinsk skiedskriuwer, hat trije nijsgjirrige fragminten skreaun dy't mooglik in relaasje mei Hilgelân hawwe.

It **earste fragmint** giet oer de mislearre weromtocht oer see fan de oars suksésfolle tredde fjildtocht fan Germanicus tsjin de Germanen yn it mûningsgebiet fan de Weser (Annales 2.23-24). Fanút de Eems waard in fleat fan tûzen skepen de 'ocean' op weromstjoerd. It wie midden yn de simmer. Nei in kalm begjin fan 'e reis brekt in heilstoarm los. Wypûsten kamen fan alle kanten, it sicht waard min en deadsbenaude soldaten sieten it personiel fan de skepen gâns yn de wei by it drege navigearjen. Dan draaide de wyn en kaam no fûl út it súden:

' ... (in sterke wyn) ... dy't de skepen ferspraat oer de ocean dreau of nei eilannen mei steile kliffen of mei libbensgefaarlike ferburgen ûndjipten.'

Se koenen dy mar krekt ûntrinne en smieten, wylts de weagen oer harren spjelden, hynders, ballast en baggaazje oerboard, om't de ankers net holden. Guon skepen ferdwûnen, oaren ronnen fêst op ôfleine eilannen, dêr't de manlju omkamen fan de honger of se moasten oanspiede hynstekadavers ite. Germanicus syn 'trireme' (in soarte fan Romeinsk skip) berikke it lân fan de Chauki (tusken Eems en Elbe).

'Wylst er noch by dy rotsen en klippen wie, rôp er hyltyd op 'e nij út dat it allinne him wie dy't ferantwurding hie foar dizze ramp en syn freonen moasten him der fan weromhâlde om himsels tekoart te doan yn de see.'

It tij kearde letter en de wyn waard wer geunstich. Wat der noch te rêden wie waard ophelle troch de skepen dy't noch farre koenen, byinoar fandele en repareard.

It liket mooglik dat in part fan Germanicus syn fleat Hilgelân berikt hat, want rotsen en steile kliffen binne nearne oars yn it gebiet, of Tacitus soe de dûnen foar rotskiffen oansjen moatte. De measten sille lykwols stranne wêze op de mannichte lytsere eilantsjes en platen fan it waad mear nei de kust ta (dê't se honger lidden).

It **twadde fragmint** giet oer de pylders fan Hercules (Germania 34). It liket in bjusterbaarlik sitaat, mar liket goed yn te passen te wêzen by it earste fragmint, sa't wy hjir sjen litte sille. Lykas mei Atlantis sil gjinien wittenskiplik tinkend minske it ferneamde ferhaal fan Atlas en Hercules (Herakles yn it Gryks) foar wier hâlde. Hercules moast de gouden apels fan de Hesperiden, de dochters fan Atlas, stelle, as ien fan de tolwe wurken dy't him opdroegen waarden troch kening Eurystheus van Mykene. Hy hie earder syn bern fermoarde, om't er troch Hera, de frou fan oppergod Zeus, dwylsinnich makke wie. Mei de wurken soe er de wraakgoadinnen ûntkomme kinne. Atlas moast it himmelferwulft drage. Hercules biedt oan it efkes oer te nimmen, sa't Atlas sels de apels helje kin by sy'n dochters.

Yn in fariant fan it ferhaal, dy't it earst optekene is troch Pindar (yn in ferlern gong wurk, mar noch bekend om't it sitearre is troch Strabo 3.5.5), boude Hercules grutte pylders dy't de lêst fan Atlas oernommen. Hercules hie syn apels, en Atlas wie fan syn lêst befrijd. De pylders soenen oan 'e ein fan de bekende wrâld stien hawwe en wurde yn 'e klasike opfetting lokalisearre oan beide kanten fan de seestrijtte fan Gibraltar. De ferneamde Ingelske rots soe noch in oerbliuwsel wêze fan ien fan dy pylders. It Atlasgeberchte tanket noch altyd syn namme oan it ferhaal. Dizze skiednis fan Atlas en Hercules sil by Romeinen fan bernsôf oan bekend west hawwe.

Hjirboppe is niis de mislearre weromtocht fan de tredde ynfaazje fan Germanicus al beskreaan (Annales 2.23-24). It is, sa't hjir út blykt, mooglik dat guon manskippen fan dizze float by dizze tocht, of by oare ferlikbere tochten, de klifkante fan Hilgelân mei syn natuerlike pilaren oanskôge hawwe.

Earst skriuwt Tacitus oer it wenplak fan de 'grutte' en 'lytse' Friezen boppe de Ryn (Germ. 34). Grutte marren (no it

Iselmar) lizze ek op harren gebiet, dy't beford binne troch Romeinske floaten. Dan:

'Wy hawwe ús weage op de oseaan (Noardsee) sels yn dizze gebieten. Pilaren fan Hercules, sa't guon sizze, besteanne noch hieltyd; oft Hercules no wier hjir wêst hat oft dat wy oerienstimme om al it bjusterbaarlike oan him ta te skriuwen. Germanicus doarde te gean, mar de oseaan kearde de ûntdekker op. Hjirnei hat net ien it mear besocht. It waard tocht frommer en gaadliker te leauwen yn de dieden fan de goaden dan om sels te ûndersykjen.'

Nijsgjirrich is dat guon soldaten dus earne in soarte fan pylders sjoen hawwe, dy't harren tinke lieten oan it ferhaal fan Hercules. Wêr oars soe dat yn dy noardlike omkriten wêze kinne as de westkante fan Hilgelân? De weromtocht fan de tredde fjildtocht tsjin de Germanen wie foar sa'n oanskôging in mooglike gelegenheid. Hjoed noch sjogge wy mei de lange Anna in eksimpel fan sa'n bjusterbaarlike 'pylder'. Ut de geology witte wy dat de rotskust doe folle langer west hawwe moat, en dat der doe gâns mear pylders west hawwe kind as dy iene dy der no noch is. Hoe hat Hilgelân der yn de antike tiid eins útsjoen?

In geologysk ferlik oer hoe't de westkante fan Hilgelân der yn de antike tiid útsjoen hawwe kind, fine wy oan 'e oare kant fan de ierde by it Australyske Victoria. Dêr is in plak oan de kust dy't de 'Twelf Apostles' hjit en fan in ferlikbere rotsformaasje is as Hilgelân. In mannichte pylders, lykas de lange Anna der ek ien is, stiene foar de grillige kust yn see. Dy binne dan wol net sa knalread, mar fierders liket it der op.



'Twelve Apostles', Victoria, Australië

Foto Feel The Planet, 19-05-2015 (feel-planet.com)

Soe in Romeinsk soldaat by sa'n ferlikbere wûnderlike oanblik fan ôf see fan Hilgelân, ferbjustere troch dy wûnderlike reade rotskust mei pylders, net fuortendaliks oan Hercules syn pylders tinke moatte? Soe der dat dan net yn geuren en kleuren oan it thúfront fertelle? Ek hjoed-te-dei sil in rûnfeart om it eilân de krityske lêzer oertsjûgje fan de ferbjusterjende en wûnderlike oanblik fan de westkante fan Hilgelân fanút see. Dat is yn it bysûnder sa mei ûndergeande sinne. Dit twadde fragment yn kombinaasje mei it earste oer de weromtocht fan de tredde fjildtocht fan Germanicus makket it oannimlik dat guon Romeinske soldaten de klifkante fan Hilgelân benei west hawwe en dat harren beskriuwingen opnommen binne yn Tacitus syn wurk.

It **tredde fragmint** behandelt de ferearing fan de god Nerthus op in eilân, dêr't in hillich boskje en wetterke in rol yn spylje (Germania 40, orzjiniel yn Haadstik 13.2). De goadin Nerthus is de Latynse werjefte fan de âldgermaanske foarm Nerþuz. Yn it Ald-noarsk is it Njorðr, in manlike god dy't bekend is út Iislânske sagenliteratuer en ferneamd is yn tal skandinaviske plakken. De namme is faaks te herlieden ta it Proto-Indo-Europeeske ner, dat del ('neer' yn it Nederlânsk) betsjut. De Griken kenne Nerteroi, de goaden fan de ûnderwrâld. Tacitus beskriuwt yn kleurich detail in 'Nerthus' kultus op in 'eilân yn 'e oseaan', as part fan in etnyske beskriuwing fan Germaanske folken:

'Dernei komme de Ruedigni, Aviones, Anglii, Varini, Eudoses, Suarines, en Huitones, dy't begrinzge binne troch rivieren en wâlden. Oer dizze stammen is neat it neamen wurdich, behalve dan in mienskiplik oanbidden fan Nerthus, of de Memme-ierde. Men leaut dat hja tuskenbeiden komt yn minsklike saken en tusken har folk yn rydt. Der is in hillich boskje op in eilân yn 'e oseaan, dêr't in wijde wein yn stiet, drapearre mei kleden. Allinne ien priester mei dizze oanreitsje. Hy wurdt de oanwêzigens fan de goadin gewaar yn it binnenste hillichdom en begeliet har mei grutte achting yn har wein, dy't oanspand is mei rieren [red: jonge kei dy't foar it earst kealle hawwe]. Dan binne der feesten yn alle plakken dy't hja winsket te besykjen en de gastfrijhyd te ûntfangen. Nimmen fiert oarloch, nimmen nimt de wapens op en al it izeren ark wurdt fuortstoppe. Dan en allinne dan ûnderfynt men frede en rêst en hawwe dat leaf, oan't de goadin genôch hat fan har minsklik selskip. De priester bringt har dan werom nei har tempel. Hjirnei wurdt de wein, it kleed en, as't men it leaut, de goadin sels wosken yn in ferburgen mar. De slaven, dy't it wurk dogge, wurde daliks hjirnei opslokt troch it wetter. Fangefolgen ûntstiet der eangst foar it mysterieuze en in fromme tsjinsin om

*te freegjen nei it skouspul, dat allinne dyjinge dy't
stjerre sille te sjen krije.'*

In protte wittenskippers tinke dat Tacitus doelt op it eilân Sealand fan Denemarken, want dêr is in plak mei de midsieuske namme Niartharum (hjoed Naerum). Fierders wie it eilân it plak dêr't de iere keningen fan Denemarken harren sit hienen en dêrom in soarte fan kulturiel sintrum wêze soe. Mar Nerthus is ferneamd yn gâns mear plakken, oeral yn Denemarken en Sweden. En as Tacitus doelt hie op Sealand, soe er dan net skrean hawwe dat it eilân yn de 'Mare Suebicum' lei? Hy wie ommers bekend mei de skieding tusken Noardsee ('Oceanum') en Eastsee ('Mare Suebicum') troch it Deenske skiereilân. Mooglik wie in soartgelyke kultus wênst op meardere plakken, dat witte wy net. En de Deenske keningen wurde net neamd yn it sitaat.

Argumenten dy't guon brûke tsjin Hilgelân as lokaasje fan it sitaat is dat er gjin bosk wêze kin en it eilân te lyts is foar sa'n prosesje. Mar dat giet, om earlik te wêzen, net op. Ommers, Tacitus hat it oer 'nemus' dat boskje betsjut, en gjin bosk of wâld. De mar kin ek lyts wêze, siz mar in dobbe, lykas dat mar al te faak it gefal is by Germaanske hillichdommen. Der binne gâns eksimpels op it fêstelân, dêr't ferskate offergaven yn fûn binne. Dy plakken wienen faak in smûk 'skûlplak' foar goaden om harren te ferskûljen tsjin de minsken. Wy moatte fierder betinke dat Hilgelân doe in pear kear grutter west hat as hjoed, en tal fan doarpskearnen hawn hawwe moat, yn elts gefal genôch foar in prosesje fan in pear dagen, lykas beskreaun. Folle letter, yn de iere midsieuwen, wienen der ommers noch altyd njoggen tsjerkparochies, ear't de measten yn in ferskaat oan floeden yn see ferdwûnen.

It is, as it hillichdom yndie op Hilgelân lokalisearre wurde kin, dan goed mooglik dat de hjoeddeiske Sapskuhle de lokaasje fan it hillichdom west hat. Ieuwen lang wie it it iennichste plak mei natuerlik farsk wetter. Op de kaart fan Berends út 1600 wurdt it plak noch oanjûn as 'Templum'. Benjamin Knobloch omskriuwt yn 1600 de Sapskühle as de iennichste boarne dy't altyd wetter opjoech en dy soe tige ferneamd wêze fan oerâlde tiden. Ek omskriuwt er hoe't er munten fûn yn in âld hôf, dat oan it delstoarten wie oan it noardeaslik klif, deunby de Sapskühle. It meijaan fan munten (grêfjeften) is in âld heidensk gebrûk. It âld hôf is noch te sjen op in kaart fan Johannes Mejer út 1639. Mei oare wurden, al ieuwen is it plak deunby de Sapskühle in religieus sintrum. Ek no noch, want de St. Nicolas tsjerke is der deunby. Dat is allegearre gjin bewiis, mar it makket dizze lokaasje wol oannimlik. Dat wurdt hielendal sa, as wy de ferslagen fan de ier-midsieuske missionarissen Willibrord fan